SKRIFTLIKE FRAGEN

(Artikel 39 Reglemint fan Oarder)

Datum:	7 juny 2024
Fraachsteller:	Mirjam Bergsma
Underwerp:	Frysk yn Opsterlân
Taljochting:	Yn april fan dit jier is de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) ûndertekene troch minister Hugo de Jonge fan Ynlânske Saken. Hjiryn binne ferskate saken regele, lykas dat der yn eltse gemeente yn Fryslân in Meartaligenskoördinator komme moat, komt der romte foar Fryske ferkearsbuorden en krijt it Frysk foet oan de grûn op de skoallen. Yn ferskate gemeenten sjogge wy hjir al de earste útwerkingen fan. Sa is koartlyn nei de Waadhoeke ek yn Noardeast-Fryslân al in meartaligenskoordinator oannaam.
	It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen skriftlik te beäntwurdzjen: • Wannear kinne wy yn Opsterlân de earste útwerkingen sjen nei oanlieding fan de BFTK? Welke stappen hat de gemeente al ûndernaam hjiryn? • Wannear sil de gemeente in fakatuere útskriuwe foar de Meartaligenskoordinator? En wat ferwachtet it Kolleezje fan dizze funksje? • Is it de gemeente ek dúdlik hoe bygelyks skoalkoepel Comprix, mei leafst 11 basisskoallen yn Opsterlân, it Frysk in plak jaan sil op harren skoallokaasjes? • Hoe sjocht de gemeente oan tsjin Frysktalige ferkearsbuorden en wannear kinne wy dizzen yn it strjitbyld ferwachtsje?
Undertekening en namme	Mirjam Bergsma, FNP Opsterlân